

Jeltsje fan Ieme tou

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 353 4
1e printinge 2021
© 2021, Wytse Bakker-Veninga

Eksimplaren binne te bestellen fia de boekhannel of streekrocht by de útjouwerij:

Útjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra
Útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Jeltsje fan Ieme tou

Wytske Bakker-Veninga



Ken Miller

In prachtige sneintemoarn yn juny, blakstil en men koe oanfiele dat it waarm wurde soe. De beammen beweegden eins net en sels de fûgels lieten har net hearre, krekt as wiene sy ûnder de tsjoen fan 'e sneinsrêst. Efkes wie der in lytse dissonant yn 'e buorren, in ploechje manlju yn kleurige trainingspakken op racefytzen jage troch it doarp. Har stimmen ketsten tsjin de huzen op. Yn in amerij wiene se al fierder. In auto glied stadich troch de strjitte en stoppe op it parkearplak by de tsjerke. De man dy't útstapte, in foarse keardel, kreas yn in blaugriis pak, ljocht boesgroentsje mei in readeftige strik, seach om him hinne. Der koe wolris in bytsje folk yn tsjerke komme, tocht er, mei sok waar sochten de lju harren fertier leaver earne oars. Op it paad nei de tsjerke fytste him in jonge man foarby dy't fleurich "Moarn," rôp. It blykte de koster te wêzen. Hy iepene de tsjerkedoar en sei: "Jo binne der ek mar betiid by, ik ferwachtsje net folle folk hjoed."

"Wel, ik woe earst efkes op it hôf sjen. De tsjinst begjint om healwei tsienen seach ik op it boerd."

"Ja en sykje jo om in famyljegrêf? As ik jo goed besjoch binne jo besibbe oan 'e Brândsma's, dêr is in grêf oan 'e oare kant, no ja, fan de âld frou. Alde Brândsma libbet noch, dy sit yn in âldereinhûs in pear kilometer fierderop."

De man wie dúdlik nijsgjirrich, mar de oare glimke wat en rûn it tsjerkhôf op. Syn eagen gongen oer de nammen op 'e stiennen. De Boer, Anema, Hilverda, it sei him neat. Hy trêde stadich fierder. En doe seach er de nammen dy't syn mem op in briefke mejûn hie. In lytse, âlderwetske stien. Hy lies:

Hier rusten tot de dag der wederopstanding

Ieme van Veen

oud 62 jaar en

Fokje Dam

oud 78 jaar

en twee hunner kinderen

De man helle in lytse digitale kamera út 'e bûse en makke in searje foto's. Hy rûn troch en socht om 'e stien mei de namme dy't de koster sein hie. Hoe yn 'e goedichheid kaam dy man dêrby. De toersklok begûn te lieden, rôp de gemeente op om ek dizze snein nei Gods wurd te hearren.

Doe stie er foar in mânske, swart moarmeren stien mei sulveren letters, mei allinnich de namme, berte- en stjerdatum, Geertruida Sofie Brandsma-Noordenbosch. Dêrûnder de namme fan har man dy't noch libbe, Hessel Brandsma. Ek foar dit oantinken kaam de kamera foar 't ljocht. Hy hie syn missy dien en socht in plakje op 'e efterste bank yn tsjerke. It is krekt as by ús yn Kanada, tocht er, meast grize koppen en in inkele húshâlding mei bern. De tsjerkerie mei in dûmny yn in wite toga kaam deryn. Hy besaude him, de manlju yn spikerbroeken, ien mei in grien t-shirt en twa yn in rutens boesgroentsje as soene se sa nei it wurk. De beide froulju ek allyksa mei bleate halzen dêr't men de boarsten hast sjen koe. Sa geane se by ús net nei de preek, it soe skande wêze, tocht er. En doe seach er foaryn it tsjerkje minsken sitten, de man draaide him in healslach om en eage it hear oer. Efkes heakken syn eagen yn dy fan 'e man op 'e efterste bank. Dy krige suver in skok en no begriep er de opmerking fan 'e koster. Dizze man kaam út it laach fan dy Brandsma dêr't mem it oer hân hie. Itselde postuer, suver inselde pak oan, allinnich wat ljochter. Njonken him syn

frou ek eptich yn 'e klean. De Kanadees hearde net folle fan 'e preek, automatysk song er de lieten mei, die de hannen gear ûnder it gebed. Syn tinzen giselen him troch de holle. Syn mem hie ferteld oer dit doarp, har libben hjirre oan har achttjinde jier ta. Troch dy man dêre op de foarste bank fiede er de ferbûnens mei dit gea dêr't ek hy syn oarsprong hie. Sa hie er it alhiel net ferwachte. In aardige bûtenlânske reis nei de 'old country' fan syn foarâlden. Nei jierrenlang bodzjen kaam it him ta fûn er sels. Nei it lêste sjongen glûpte er de doar út, hy woe beleaven gjin minsken moetsje. Yn 'e auto stuts er in sigaret op en ried fuort.

De doar fan it appartemint yn Kamminga State mei it nammebuordsje – H. Brandsma – wie ticht, mar oan it begjin fan 'e gong kaam in lange skredige man oanskarreljen. Hy hold him fêst oan 'e leuningens bylâns de kant.

“Do bist ek mar betiid. Is Hanne net mei?”

De man foar de doar draaide him in healslach om.

“Ferrek, jo binne Wybrand net. Ik tocht, oan it postuer te sjen. Moatte jo by my wêze?”

“Ja, ik sil my efkes bekend meitsje.” Hy stuts de hân út: “Ken Miller.”

“Seit my neat, mar kom fierder.”

De doar kaam fan't slot en doe't de âld man yn 'e stoel siet seach er de persoan dy't him Ken Miller neamde freegjend oan.

“Faaks seit de namme Klaas Molenaar jo mear?”

De âlde soe skodholje, hy stammere al heal fan “nee” mar ynienen kaam der in fyn read yn de tanige wangen: “Jo binne ... in soan ...”

“Goed ret, ik bin de âldste soan fan Jeltsje van Veen. Dit komt jo oer 't mad sjoch ik wol. It liket my ta dat jo earst wat

bekomme moatte, dan sil ik ris sjen oft ik ek kofje sette kin. In sneinsbakje komt ús wol ta tinkt my.”

As wie it dak boppe syn holle ynfallen sa kjel waard Hessel Brandsma fan dit nijs. Hy moast yndied ta himsels komme en dat spande der gâns om. Wat der mear as 60 jier tebek bard wie hie er safier fuortstoppe, dat it eins net mear yn syn ûnthâld siet. Jeltsje fan Ieme tou!

Ken kaam mei de kofje yn 'e keamer.

“Ik moast jo de groetnis dwaan fan ús mem. Wy soene tegearre komme. Trije dagen foar de reis is se oanriden by it oerstekken en hat se har heup en in skonk brutsen. It giet no wer aardich en se is fêst fan doel om hjir ris hinne. Miskien takom' jier.”

“Jeltsje har soan, jonge noch ta. Hast har brune eagen, ja, in fanke fan Ieme tou. Sa neamden wy dyn pake om't er mei in fyts fol ark by de boeren lâns gong. Kowedekken, helters, spantouwen, bjinders, oersalve, hy tôle hiel wat mei. Jonge ja, as ik dêr oan werom tink, dan is der in protte feroare. Wat hat ús generaasje wat meimakke. Hoe eh ... hawwe dyn âldelju it dêrjinsen hân?” Hy doke sûnder neitinken.

“Yn't earstoan tige swier, se wiene hjir ek wat hastich weirekke sa't jo witte.”

In frommeske kaam troch de doar mei in miel waarm iten.

“Brândsma, jo hawwe besite sjoch ik. Moat ik jo iten mei weromnimme? Dan kinne jo letter ...”

“Ik gean no earst fuort, Brândsma en kom moarnier tsien oere wer by jo. Dan sille we it yngeand oer de âlde tiden ha. Oant moarn.”

*

Brandsma foarke wat yn syn iten om, it smakke him net, nee, eins priuwde er neat. Moarn soe er it oer it ferline ha

hie dy man, Jeltsje har soan, sein. Syn ferline fan safolle jierren tebek, hy hie it fuortskoffele, bedobbe, woe der net mear oan tinke. Nea hie er tocht, dat er dêr sa ûnferhoeds mei konfrontearre wurde soe.

Yn syn lange luie stoel woe de sliep net komme. As wie 't juster bard sa stie dy moandeitemoarn him foar de geast. Tolve maaie wie Boukje, de nije faam op 'e pleats kommen. De foarige gong de lange hier yn, hie earst fjouwer jier by de âldelju wenne en doe by Truus en him op 'e pleats. Se koe net melke en hy, Hessel, stie der op dat in nije faam moarns en jûns mei nei efteren gong en ek it melkersark skjinnmakke. En Boukje koe melke as de bêste, mar mei de frou akkordearre it net. Truus wie fan thús út wend dat it measte foar har dien waard. Om earlik te wêzen wie se yn 'e grûn bedoarn, foaral troch har mem. Iennichst bern en net sterk sa't it hjitte, wie se foar de pronk op dy moaie grutte pleats. Altyd in faam yn 'e hûs en in arbeidster foar it wiete wurk. Yn syn eagen koe it sa net. As jonge boer woe er foarút buorkje, fûl der tsjinoan en soks ferwachte er ek fan it folk op 'e pleats. Hy wie wol bliid mei Boukje, mar Truus die oars net as earmoedzje oer it fanke. Se wie lomp en ûnbeskoft, koe net fatsoenlik ite. En lytse Hylkje, harren famke fan noch gjin twa jier, soe al dy nuvere gewoanten fan dat frommeske oernimme. Boukje loste sels it probleem op. Dy moandeitemoarn kaam se nei melken yn 'e hûs en dêr wie alles út en kâld. Gjinn tee en brea op 'e tafel, it famke stie te balten yn har ledikantsje, der lei in opper waskjen op it stiennen plak yn 'e skuorre en de frou lei siik op bêd. It fanke seach it har finaal oan. Se smarde harsels in pear stikken bôle, smiet har klean en oare besittingen yn 'e strieën koffer dêr't se mei kommen wie en doe't Hessel yn 'e hûs kaam stie se klear om fuort.

“Ik wol myn lean graach ha. Sa kin ’k hjir net bliuwe, ik gean fuort.”

“Sa kin it net, Boukje, do bist hjir foar in jier besteld en de boel rint yn it hûndert asto fuort giest.”

“Jo frou kin my ommers net útstean, ik gean fuort en no daliks.” Hy hie har twa wike lean jûn en sels it famke fan’t bêd helle en wat iten jûn. Truus kaam der net ôf, wie sa mislik. Wêr yn ’e goedichheid helle er sa gau help wei. Sels woe er sa minlike graach oan’t wurk, der moast meand wurde en ... doe kaam der ynienen immen oan de doar.

“Is de boer deryn? ‘k Soe ris freegje as der ek ferlet wie fan ’t ien en oar. De boer wit wat ik yn ’e hannel ha.”

“Ja,” graude Hessel, “in nije faam, mar dêr kinne jo my net oan helpe.”

Al wêr’t er ferlet fan hie, perfoarst net fan Ieme tou, hy koe dy man eins net útstean en de measte boeren kochten fan him om’t se begrutsjen hiene mei de grutte húshâlding.

“Faaks kin ik jo út ’e brân helpe. Mei ’k de boer syn fyts efkes brûke? Dan lit ik myn winkel hjir stean.”

De winkel bestie út in fyts ôfladen mei lyts boere-ark dat elke boer wol brûke koe. Ieme sette ôf en kaam in hoart letter werom mei in fanke efterop. Dat wie Jeltsje, syn âldste dochter fan sechstjin jier, in spjochtich bern mei brune eagen en ljocht springerich hier.

“Sy kin hjir de hannen wol wapperje litte, dat hat se fan har mem wol leard. Ja se is goed oansetten al sis ik it sels en it melken hat se by Hiemstra leard, dan witte jo it wol. En sneon kom ik efkes oan om mei jo ôf te rekkenjen,” sei er der fluensk efteroan.

Hessel wie bliid genôch dat er immen yn ’e hûs hie. Hoewol in bern fan Ieme tou no krekt gjin pree wie. Wat soe de frou wol sizze. Dy spuide raar guod, hoe krige er it yn ’e holle!

“Wannear moatte wy kofjedrinke en hoe komt it mei it iten?”
woe Jeltsje witte.

Hy liet har it ien en oar sjen en sei dat se har mar rêde moast.
Sels moast er nedich nei de efterein en om healwei tsienen
kofjedrinke.

Mei dochts in swier hert kaam er om dy tiid yn 'e hûs mei
Halbe, de arbeider, en Sibe, de soan fan Halbe en ek skoanheit
dy't elke moarn op 'e pleats kaam om, sa't Hessel yn himsels
sei, it spul troch it gat te sjen. Ferromme konstataarre er
dat de kofje brún wie, lytse Hylkje skjyn yn 'e tafelstoel en
Jeltsje siet by de tafel te jirpelskilen. Skoanheit bedarre by
syn dochter Truus yn 'e sliepkeamer, se koene harren praten
hearre, mar lokkich net ferstean. Folle goeds soe Truus der
wol net útkreamje. Hy hie Jeltsje fansels yn 'e kunde brocht
mei de frou. It fanke frege wat skruten: “Ha jo de sûne kwaal?”
“Ik bin yn ferwachting mar oft dat in sûne sykte is kin 'k net
sizze. Wat fiel ik my ellindich.”

“Us mem hat it sa faak meimakke, ik wit der alles fan.”

Oan Truus te sjen wist gjin mins hoe slim sy it wol net hie en
oan Jeltsje seach er dat sy gjin begrutsjen opbringe koe. No,
hy koe him der ek net bot om bekroadzje en wie tige op't snjit
dat der tolve oere iten op tafel stie. Jirpels mei wite koal en in
gehakbal sa't syn mem it thús ek klearmakke. Der hong sels
al guod oan 'e line. Hessel hie der fansels gjin acht op slein,
mar skoanmem kaam nei iten op hege fuotten oansetten om
by har leave popke te sjen en dy te bekleien. Och, och wat
moast dy stakker wat meimeitsje en no ek noch in faam út sa'n
sleauwe húshâlding. Op hege toan frege frou Noordenbosch
oan Jeltsje: “Moasten dy wite lekkens net op 'e bleek?”

“It bliket mei sok waar wol op 'e line seit ús mem faak en dizze
wask wie alhiel net smoarch.”

It koe frou Noordenbosch minder as in healtsje skele hoe't

dat wiif fan Ieme tou der oer tocht, sy miende de nije faam it wurk wize te moatten. Sa'n fanke út in húshâlding fan it alloai dêr't sy as foaroansteande lju yn it doarp gjin gedoente mei hiene moast fansels fan A oant Z fan alles noch leare. Wat hiene de froulju foarhinne op 'e pleats in wurk fan it waskjen hân.

It joech neat, mei Jeltsje waaide der fan 't begjin ôf oan in frisse wyn troch de húshâlding fan Hessel Brandsma en 'e frou. En se koe mei bern omgean. Lytse Hylkje dy't amper heit en mem sizze koe learde yn koarte tiid praten. Jeltsje eamele altyd tsjin it wyfke en dy rôp oan Jeltsje sadree't se wekker waard. It famke mocht mei om kofje yn it lân te bringen of te boadskipjen yn 'e buorren. Sels Truus krige nei ferrin fan tiid wurdearring foar de handige faam. En sa noflik dat Hylkje sa wiis mei har wie. Truus bemuoide har mear mei it iten, se hie as faam in kursus yn de 'fijne kookkunst' folge en koe har bytiden alhiel útlibje yn it bakken fan koekjes, cake's en lúkse hapkes as se besite hiene. En dat barde gauris. Famylje en kunde fan frou Noordenbosch rûnomwei koe it paad nei de buorkerij foaral yn 'e fakânsjetiid wol fine. Neven en nichten fan Truus kamen samar in wike of in dei as tsien delsetten. Guon mienden dat se Jeltsje foar it kommandearjen hiene, mar dy weefde der rap mei ôf, se hie it ommers al folle drokker mei grutte miellen jirpels te skilen en griente tameitsjen. Lokkich hie de smid in moaie elektryske waskmasine brocht, dat wie in útkomst. Ien ding sinnige Hessel min. Ieme tou kaam nei in wike om it famke har lean op te heljen.

“Dat binne Jeltsje har sinten, dy hat der foar arbeide,” biet de boer him ta.

“Nee boer dat komt ús ta, wy hawwe al sechstjin jier op ús dochter past, har iten jûn en klaaid, ja alles wat se nedich hie. Dêr moatte we no wat fan weromsjen.”

“Ik wol jo hjir elke wike net ha, ien kear yn 'e moanne, de earste sneon. En Jeltsje sil der sels ek wol wat bûsjild fan hâlde meie, net?”

“Dat kriget se fan har heit,” kaam der sa kliemsk út, dat Hessel koe him wol spuie.

En dan gong Jeltsje ek noch in jûn nei hûs om har mem wat wurk út hannen te nimmen. Har suster Hinke, krekt fan skoalle, hie it measte nocht net oan arbeidzjen en flittere gauris de buorren yn mei har kammeraatskes en Jeltsje hie twa rjochterhannen.

Al dy dingen kamen wer boppe by Brandsma dy sneintemiddei yn syn luie stoel. Al dy yntins belibbe jierren, wêr wiene se keard. As stosân yn in stoarm, ferflein, fuort! Wat wie hjoed de dei noch wichtich? In potsje biljerte yn 'e rekreaasjesaal en oft der ek immen op besite komme soe.

“Wat no, lizze jo noch te knipperjen?”

Hessel skeat oerein. “De tiid is my ûntsketten, hoe let is it?”

“Healwei fiven heit, mar dat jout dochs neat? Jo hawwe alle tiid foar josels. Sil ik in bakje kofje sette?” frege Hanne en rûn al nei it keukentsje. Wybrand plofte yn ien fan 'e noflikke stuollen.

“Ha wy soms noch fiere famylje yn Kanada, der siet in man yn tsjerke en neffens de koster hat er foto's makke op it tsjerkhôf en ek fan mem har stien. It kin net in neef fan my wêze, want fan 'e Brândsma's kin ik se allegearre wol en mem hie hast gjin famylje,” sei Wybrand.

Dêr hiene jo it al! Yn 'e goedichheid, hoe moast er him hjir út rêde. Hy kochele wat, sei: “Hoe soene wy kunde yn Kanada ha, hoe komst dêrby.”

“Dy man like op my, selde postuur en sa. Hy rûn earst út tsjerke, oars hie'k him oansprutsen.” Wybrand socht om

smokerij yn syn jasbûse. “Thús ha’k op ynternet socht om famylje fan ’e Brândsma’s. In suster fan pake is emigreard, sy is sûnder bern ferstoarn. ‘k Soe dy man stomme graach moetsje wolle.”

“Bist frij fan melken?” besocht Hessel it praat yn oare wei te stjoeren.

“Dat wit heit wol, sneins doch ik neat en ik sil bliid wêze dat it spul ferkocht wurdt. ‘k Ha skjîn myn nocht en Hanne ek.” Dy kaam deryn mei in blêd mei trije koppen kofje en gong by harren sitten.

“Mar no nochris oer dy man fan fannemoarn. Do seist it ek no Hanne, it liket wol in broer fan dy. Ik sei noch út ’e gek, miskien hat ús heit yn it ferline in slûperke makke, ha, ha, ha.”

Hanne krige in kleur. “Fuoi Wybrand, soks seist dochs net. Heit moat him der mar neat fan oanlûke, hear. Jo witte wa’t it seit.” Der hong in ûngemaklike stilte yn ’e keamer. Hessel Brandsma focht mei himsels in swiere striid. Moast er dy sûnde fan sa’n sechstich jier ferlyn oan syn bern opbychtsje? Hy soe fan in heech fuotstik tûmelje en net sêft telâne komme.

‘Sil ik nochris ynjitte? Heit syn kofje is kâld wurden, ik sil jo in waarm bakje jaan.”

“Gean earst efkes sitten. Ja, dy man dêrst it niis oer hieste hat hjir fannemoarn west. Hy is in soan fan in faam dy’t by uzes wenne.” Hy wifele in telmannich. “En fan my, dat is dus te sjen. Nea hie’k tocht dat it nei safolle jierren nochris boppe wetter komme soe.”

“Potferjappy! Al wat ik tinke koe ... in healbroer dus! Tocht ik it net!”

Wybrand riisde oerein, trape de keamer op en del.

“Dit is aardich, hear, no smite jo op jo âlde dei jo namme

nochriss op 'e grabbel. Dit kin ek noch wol in sturtsje krije. Wa wit wêr't dy fint op út is."

"Ja, ho, ho, wat tinksto wol? As er mient dat der foar him wat te heljen is dan sil er in rare piip smoke. Dêr stean ik foar yn. Ja, nee, lit dat mar oan my oer. It hat my doedestiids in knoarre jild koste."

"Wybrand, gean sitten. Dat marsjearjen fan dy wurd ik dwyl fan," kaam Hanne der tusken. "Sjocht heit wolris nei 'Sporloos' op 'e tv? Ien DNA-test en se witte sa jo komôf en boppedat, jo sizze sels dat jo wat mei dy faam hiene en it is te sjen, seit elk." "Hy sil te âld wêze, oars soe er oanspraak op 'e pleats meitsje kinne. Myn seine kin er krije, it buorkjen hinget my al sa lang ta de strôte út."

"Wat mienst, dat ik in pakesizzer fan Ieme tou op ús spul hawwe wol? Dat wie wol sa'n smjunt."

"Syn dochter seagen jo gâns oars tsjinoan. Man lit my net laitsje, jo mei jo âlderwetske opfettingen."

Se wiene in setsje stil, elk mei syn eigen tinzen dwaande. De âlde yn fertwifeling, de eangst kniep him yn 'e kiel. Wat as aanst de hiele krite, de ynwenners fan dit hûs, syn famylje, fan it skandaal út syn jonge jierren hearre soe. Hy, de man fan oansjen, nee dêr moast er net oan tinke. Dan wie er leaver dea. Krekt as wie soks foarhinne slimmer as no. Hoefolle lju út 'e hegerein stapt net bûten de string, sels ministers, sels de presidint fan Amearika! Mar ja, dat joech gjin mins it rjocht om ek ûndogensk te wêzen fansels.

*

De soan tocht oan syn eigen akkefytjes. O, se hiene allang gjin help yn 'e hûs, dat hoegde net mei alle nijerwetske apparaten. Boerefaam, allang in útstoarn berop, mar wa't

syn gerak thús net krige koe earne oars alle oeren fan 'e dei terjochte. Soks die jo heit net, nee, dêr woene jo by opsjen, heech by opsjen. Dat hie er syn hiele libben dien. Syn heit wie in tûke boer, gâns better as hysels. De minsken kamen by heit om rie en net allinne oer it buorkjen. Hy wist noch skoan dat Fedde Anema in jûn kaam te praten. Dy koe in pleats keapje en hy woe heit syn miening witte. De keap gong troch en it gong Anema goed. No kaam dit oan 't ljocht, om jin dea te skamjen.

*

De skoandochter glimke ynwindich. Dêr siet de grutte man mei syn skerpe eachjes min of te mear telider slein. Hy joech har faak it gefoel dat se neat goed dwaan koe. Froulju wiene yn syn eagen twadderangs skepsels. Se moasten har net mei manljussaken bemuoie, de húshâlding wie harren ôfdieling. Se mochten as it oan him lei ek net bûten de doar arbeidzje. No wie dat hjoed de dei gâns feroare en skoanheit gong stadichoan mei de tiid mei.

“Ik leau dat we mar in slokje ha moatte, dan kin it nijs wat delsakje,” sei Wybrand, “ik bin der alteast nedich oan ta en heit ek wol liket my.”

“Ja, wat oars, Hanne, krij de flesse efkes en foar dy is der wol fris yn 'e kuolkast.”

Welja. Ald kommandeur!

Hessel Brandsma

Hessel wie de twadde fan 'e fjouwer jonges út it houlik fan Age Brandsma en syn frou Hylkje. Se wennen in eintsje it lân yn op in kreas lyts spuultsje dêr't se sa'n 15 kij molken. Dat berêden se mei elkoar en yn it drokst fan 'e tiid die mannich boer yn 'e omkriten in berop op ien fan 'e jonges. Dy wiene der fûl op om wat by te fertsjinjen. Foaral Wybrand Noordenbosch hie gauris ferlet en frege dan om Hessel dy't handich en linich yn it wurk wie. Dy mocht graach op dy moaie mânske pleats arbeidzje, it gong der allegearre út 'e brede fjirtjin, oars as by harren thús. Dêr moasten se mei oerlis de eintsjes oan elkoar knoopje. Mei net te folle lân waard der skrept om simmerdeis genôch fretten foar de winter yn 'e skuorre te krijen. It gers fan 'e bermen brocht faak útkomst, al hoe dreech it wurk wie om it yn 'e hûs te krijen. Age-Hylkje wie in gol minske, elk dy't oan 'e doar kaam rûn deryn en krige kofje of tee wat de tiid fan 'e dei mar sei. By Noordenbosch moast Hessel der earst tige oan wenne. Dêr krige it folk kofje of tee yn 'e skuorre en winterdeis yn it bûthús. Allinne sneontejûns mochten se efkes yn 'e keuken om harren lean te barren. Dan siet de boer mei it izeren jildkistke efter de tafel en lei it lean klear. Earst de fêste arbeider, dan de feint en Hessel en somtiden noch in losse help. Dêr lei dan in briefke by dêr't de oeren op stiene dy't se de ôfrûne wike arbeide hiene. Mei de pet yn 'e hân betanken se de boer. Hie de man in rynske bui dan lei der wolris in sigaar by. By oare boeren mocht it folk nei ûngetiid mei oan tafel skowe foar in feestlik en streksum heamiel. Net by Noordenbosch, dy joech in pear

gûne ekstra. Dêr hie Hessel gjin muoite mei, hy kaam dêr foar de fertsjinst. Thús hie mem wol in lekker miel klear, hy soe him net iens thúsfiere by de froulju fan 'e boer oan 'e tafel. Dy lieten har net folle sjen, it wiene yn syn eagen fan dy dames dy't de hannen leaver net smoarch makken. De dochter, Truus, wie in jier as fiif âlder as him en hearde alhiel net by it jongfolk dêr't Hessel mei omgong. Se joech lieding oan in fammeklub en wie ek hantwurkjufter oan skoalle. Dat fan de fammeklub wie kommen doe't dûmny Vermeer hjir stie. In aardige jongeman en net troud. Men seach him faak yn it selskip fan Truus Noordenbosch en de gemeente seach har al as dûmny's frou yn 'e pastorij. Sa kaam it net. Dûmny, in geleard man, hie in baan oannommen by in ferneamde professor dêr't dûmny Vermeer nei ferrin fan tiid promovearje koe. By syn ôfskie siet de tsjerke grôtfol. Der miste ien, Truus Noordenbosch. Tafallich makke dy in reis nei it bûtenlân. Leafdesfertriet waard der grute, mar nimmen wist der it kreative fan. Nei in foech healjier kaam se wer thús en betanke as liedster fan 'e fammeferiening. It hantwurkjen op skoalle hold se oan, mar oars seach men har net folle. Oan Hessel gong dat alles foarby. Hy hie in hoartsje ferkearing hân mei Sytske Bergsma, de faam fan 'e bakker. Sytske makke it út en dat muoide Hessel gâns, mear as er foar de bûtenwacht skine liet. Hawar, it libben gong fierder.

Geertruida Sofia, Truus, Noordenbosch wie it iennichste bern fan Wybrand Noordenbosch en Cornelia van den Akker. Cornelia har heit wie notaris en om't Wybrand wolris in stikje lân kocht kaam er regelmjittich op it notariskantoor. Dan soarge de dochter foar de kofje. Sa kamen se meinoar yn 'e kunde. Wybrand noege har in kear út om nei in konsert en sa kaam fan it ien it oare. Se krigen ferkearing en dat sinnige

notaris tige. Hy koe witte dat de famylje Noordenbosch der waarm by siet. De beide broers fan Corry studearren sa't it hjitte iverich, mar holden ek tige fan it studintelibben. Sadwaande kosten se notaris in slompe jild. Dêrom wie it noflik dat Corry sa goed teplak kaam.

Nei har houlik fiede Corry har daliks thús yn 'e grutte foarein fan de Noordenboschpleats. Se rjochte it hûs nei har eigen smaak yn en de jongelju lieten ek in grutte serre oan 'e sinnekant fan it hûs sette. In moai ljocht plak foar bern om yn te boartsjen, fûnen se beide. Lokkich hoegden se net al te lang te wachtsjen. It wie in bliid ferwachtsjen yn de hiele famylje. By Corry har âldelju en ek by Wybrands âlders de earste pake- en beppesizzer. Wybrand hie ien net troude suster dy't âlder wie as hy. Syn heit en mem, lju op leeftiid, wennen yn it berteplak fan syn mem, yn in plakje tichteby Assen. Alde frou Noordenbosch hie altyd mei tsjinsin tusken de Friezen wenne en kaam selden mear op 'e pleats. En op dy pleats waard mei spanning útsjoen nei de komst fan in nije lytse wrâldboarger. Achttjin maaie njoggentjin achtentweintich moarns sân oere lei der in leaf lyts famke yn it widske. Fansels wie eltsenien tige út 'e skroeven mei dit nije libben, hoewol ... Wybrand doarst it net lûdop te sizzen, mar hy hie sa minlike graach in soan ha wollen. In troanopfolger om sa mar te sizzen. Faaks slagge it in oare kear, hope er. Spitigernôch bleau it by dit iene famke, dat nei har beppe fan memmekant neamd waard. Geertruida, dat mem Corry yn Truus feroare, om't pake van den Akker foar syn frou allinnich it earste part fan 'e namme brûkte! Geart wie dochs in jongesnamme!

Lytse Truus wie in djoer en nuodlik besit mar ek in leaf en noflik bern. Under tafersjoch fan mem en de faam Gepke groeide se lokkich op, boarte mei har poppeweintsje en al it

prachtige boartersguod dêr't pake en beppe Van den Akker har mei ferpokken. Har heit naam har, tige tsjin 't sin fan mem Corry, wolris mei nei de efterein.

“Fierste gefaarlik mei al dy bisten, de kat hat har alris klaud dat it bloed der út kaam.”

Dêr lake Wybrand om, as it oars net wie.

Corry ûntplofte hast doe't it famke fan heit op 'e sechsde jierdei in pony krige. De feerider brocht it bistke en Truus seach it by de barte del kommen.

“O, mem, sjoch ris! Wat in moai lyts hynderke, is dat foar my?”

“Nee leave, sa'n wyld bist kin dy samar skoppe, dat fertrout mem net. Ik woe heit ek wizer ha.”

Wybrand naam Truus mei en sette har samar op it hynderke, ûnder lûd protest fan Corry. De moaie klean soene smoarch wurde, hy koe op 'e rin gean en ...

“Hâld dy mar oan 'e moannen fêst. Nije wike sil heit in seal foar dy keapje dan kinst him oan 'e leie hâlde. En do moatst him sels boarstelje en iten en drinken jaan en goed op him passe. Ast grut bist krigest ek in grut hynder fan heit.”

Al hoe mânsk Wybrand Noordenbosch oars ek wie, tsjin Corry har lamentearjen koe er by einsluten net op. De jonges fan 'e arbeider rieden op 'e pony en fersoargen him sa't it hearde. Truus boarte leaf by mem en Gepke yn har eigen poppehoekje, of se gong mei mem nei dokter en har. Dy hiene in famke in pear jier âlder as Truus, dat paste moai fûn mem. De earste dagen op skoalle rûn se der wat út mei har moaie klean en op skuontsjes. De grutte klassen mei in soad arbeidersbern, it wie Corry in griis. Ek it ûnderwiis sinnige har net, mar ja, wat koene jo oars ek ferwachtsje fan sa'n suterich doarpskoaltsje. Truus fûn it moai op skoalle. Se siet nêst Sijke yn 'e bank en dy frege har de earste dei: “Wolsto myn kammeraatske wêze?”